

In nije ketting

ferhaal Geartsje Douma, yllustrasjes Luuk Klazenga



In nije ketting

Romke en Tomke sitte by de tafel.
 Se meitsje in ketting foar Yana Yu.
 It wurdt in kadootsje foar har jierdei.
 Op de tafel stiet in grutte bak mei kralen.
 Romke sikeit in kraaltsje út.
 En Tomke triuwt de tried troch it gatsje.
 In grutte kraal, in lytse kraal.
 De ketting wurdt langer en langer.
 'Klear!', ropt Tomke.
 Kornelia dochter in knoop yn de tried.
 Se hâldt de ketting omheech.
 'Moai!', laket Tomke.
 Hy dochter de ketting om.
 En giet foar de spegel stean.
 'Ja, hiel moai!', seit Romke.
 'Ik wol ek passe.'
 Mar de ketting is te lang foar it hûntsje.
 Hy sleept oer de grûn.
 Romke wol nei de spegel ta rinne.
 Mar hy stroffelet oer de ketting.
 Krak! dochter de tried.
 Alle kralen rôlje oer de grûn.
 'Stomme Romke!', ropt Tomke.
 Romke krûpt ûnder de tafel.
 Mei de sturt tusken de poatsjes.
 'Och,' seit Kornelia, 'dat is sneu!
 Mar Romke kin der neat aan dwaan.
 De tried wie net sterk genôch.

Ik sil in sterk toutsje pakke.
 Sykje mar gau de kraaltsjes op.'
 Dat dogge se.
 Eefkes letter sitte Kornelia, Tomke en Romke
 wer by de tafel.
 Om beurten dogge se in kraal oan de tried.
 En dan is de nije ketting samar klear.

